

## In bakje aaien.....



Wytweiten ( zilverpel)



Reakoekoeksfearrich ( Roodkoekoek)

Yn april, krekt de moanne fan de peaskehazze en syn aaien, frege de redaksje my in stikje te skriuwen oer de piken en harren aaien. Ôfgeande op alle hearlike resepten dy't yn 'e doarpskrante steane, binne Lúkswâldsters sljocht op lekker iten. Dôchs sil dit stikje oer in hiel oare kant fan hinnen en harren aaien gean. Wat dat oangiet soe't wolris tsjin falle kinne.

Ik haw op dit stuit in stik of 30 Fryske hinnen. Dit hinne-ras is der sawol yn in kriel as yn in gruttere fariant. By my rint allinne de grutte foarm. Yn totaal binne der 12 offisjeel erkende kleuren fan de Fryske grutte hin. Fierwei de bekendste kleur is de wytweiten, yn 't Nederlânsk wurdt dizze 'zilverpel' neamd.

Pelling bestiet út allegearre swarte stipkes yn de fearren fan de hin. Sy hawwe de foarm fan in 'tarwekorrel'. Dêr komt dan ek de Fryske namme wytweiten fan, want it Fryske wurd foar 'tarwe' is 'weit'. Op it earste plaatsje is de pelling goed te sjen.

Yn 't 75 jierige jubileumboek fan de Fryske hinne klub lêste ik in artikel fan J.A. Veenstra út Langsweagen. Hy wie yn de foarige ieu in ferneamd hinnefokker. Doe't hy omtrint 1900 fan Langsweagen nei Drachten kuiere kaam hy ûnderweis in seldsum moaie kleur Fryske hin tsjin, de reakoekoek. Hy beskreau op hokker wize dizze kleur fanút oare kleuren te fokken is. Om 't dizze kleur hielendal ferdwûn is, hie ik der niget oan om mei help fan Veenstra syn 'resept' dizze kleur wêrom te fokken. No hie'k it fansels witte kinnen: as 't sa maklik wêze soe as Veenstra beskreau ,dan hie dizze kleur der al folle earder west.

Gelokkich wurden geande wei ek in pear oare fokkers entûsjast. Dat is wichtich, net allinne foar it útwikseljen fan ideeën, mar ek om ynteelt te foarkommen troch it ruiljen fan de bisten.

Alle eigenskippen fan fûgels, ek fan hinnen en hoannen, wurde bepaald troch 78 gromosomen. Dy lizze yn 39 pearen opslein yn alle sellen fan it bist. Alles wat wy oan in hin sjogge, lykas it formaat en de lichemsbou, de kleur fan de eagen, poaten, fearren, aaien, de foarm fan de kaam ensafuorthinne binne ôfhinklik fan de rangskikking fan de eigenskippen oer de 78 gromosomen yn de sellen.

As no beide dielen fan in gromosomenpear deselde eigenskip hawwe, bygelyks ' reade fearren', dan is dat ek de kleur dy't sichtber is. As op ien pear twa ferskillende eigenskippen telâne komme, dan hinget it der mar krekt fan ôf wat de sterkste eigenskip is. De swakste eigenskip is dan latint oanwêzich. Yn in folgende generaasje kin dy latinte eigenskip sa mar wêr nei foarren komme.

De basis fan de reakoekoek is in krúsing fan reaweiten (roodpel) en de koekoeksfearrige (koekoek).

De hin en de hoanne jouwe elts de helte fan harren sellen troch oan de piken.

In kok kin by keukenresepten it resultaat bepale troch de yngrediinten ôf te mjitten, mar troch

it ûneinige tal fan mooglike kombinaasjes dy't willekeurich fererfe hat de fokkery mear fan in kasino dan fan in keuken; it is mar krekt hoe't it baltsje rollet.

Reakoekoek mei gjin pelling hawwe, mar om de reade kleur te krijen moast ik, neffens it resept fan J.A. Veenstra, yn de earste krúsing de reaweiten brûke en dêrtroch kaam de 'pel faktor' yn de 1<sup>e</sup> generaasje telâne. Troch fierder te fokken mei bisten wêrby de pelling net sichtber wie is besocht de pelling fuort te fokken. Dat is oant no ta noch net goed slagge.

By de hoannen binne wy in hiel ein op streek, mar foaral by de hinnen sit der noch te folle pelling yn. Dit probleem brocht in oare fokker op it idee om de reade kleur der yn te fokken troch in krúsing mei de Reade Leghorn te dwaan. Dit hinne-ras hat in soad read en gjin pelling, krekt wêr 't wy ferlet fan hawwe. Neidiel is dat de lichemsbou fan de Leghorn ôfwykt fan dy fan de Fryske hin. Dat betsjut dat der wer oare eigenskippen ynkomme dy't we no krekt leaver net hawwe.

Sels nei jierren is der allinne noch mar in moai begjin. Op de 2<sup>e</sup> foto stiet in knappe reakoekoek hoanne. De hinnen dy't der by steane hawwe noch it úterlik fan swartkoekoek, hoewol genetysk sjoen de reade faktor der in fokt is. Troch it ynkrusen fan de Reade Leghorn hawwe wy no ek folslein reade hinnen, mar dy misse krekt wer de koekoekfaktor. It is no de keunst om dy faktor yn de reade hin te krúsen, sûnder dat de reade kleur in stik ljochter wurdt.

It sil grif noch wol in pear jier duorje foardat , de hinnen dy't Veenstra tidens syn kuier yn 1900 seach, hjir wer omskarrelje sille, mar úteinlik sil it slagje!

Neist de reakoekoek, haw ik ek noch keppeltsjes wytweiten, wyten en swartkoekoek.

Mei-elkoander lizze de hinnen mear aaien dan ik op kin. De Fryske hin hat yn 't Ingelsk net foar neat 'every day layer' as bynamme. Fan dêr dan ek it buord , mei de titel fan dit stikje derop, lâns de Hegedyk.

Dyjinge dy't beneid is hoe't it fierder giet mei de reakoekoek kin telâne op ús webside

[www.fryskehinnen.nl](http://www.fryskehinnen.nl) of fansels gewoan komme te sjen. Op de webside [www.friesehoenderclub.nl](http://www.friesehoenderclub.nl) is mear ynformaasje oer de Fryske hinnen te lêzen.

J

